Port Betaald
Port Payé
Pays-Bas

K R I T E N I J S



Winterskoft 2022 – 2023
nr. 3; maart 2023
Ôfstj.: Einsteinlaan 20, 9406 BK Assen

Frysk Folksliet

Frysk bloed tsjoch op! [1] Wol no ris brûze en siede,
en bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde,
it Fryske lân fol eare en rom.

Refrein:
Klink dan en daverje fier yn it rûn
dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn
dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Hoe ek fan oermacht, need en see betrutsen, [2]
oerâlde, leave Fryske grûn,
nea waard dy fêste, taaie bân ferbrutsen,
dy't Friezen oan har lân ferbûn.

Refrein

Fan bûgjen frjemd, bleau by 't âld folk yn eare,
syn namme en taal, syn frije sin;
syn wurd wie wet; rjocht, sljocht [3] en trou syn leare,
en twang, fan wa ek, stie it tsjin.

Refrein

Trochloftich [4] folk fan dizze âlde namme,
wês jimmer op dy âlders great!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme
in grien, in krêftich bloeiend leat!

Refrein

Earebyld Grou:
dr. Eeltsje Halbertsma

[1] tsjoch op = bliuw net stilstean
[2] betrutsen = yn gefaar brocht
[3] sljocht = ienfâldich
[4] trochloftich = Holl.: doorluchtig

'De âlde Friezen'
ferzje Halbertsma/
Van Loon

Kolofon

Gearstalling bestjoer

Foarsitter: Teatske Haanstra, Nic. Beetslaan 1 B2, 9405 BB Assen, tel. 0592 344920; teabosma@hetnet.nl
Skriuwer: Hans Groenhof, Broeklaan 56, 9405 AN Assen, tel. 0592 352932; hansenmetje@home.nl
Ponghâlder: Douwe de Beer, Jan Palachweg 101, 9403 JT Assen, tel. 06 10166002; ddb@planet.nl - Bankrekken fan de Krite: NL 78 RABO 0310 1082 33
Leden: Sjoege Wiersma, Metje Groenhof, Renny Monsma.

Redaksje Kritenijs

Redaksje-adres: Anje Hoogland (typwurk en layout), Rolderdingspillaan 36, 9451 GB Rolde, tel. 0592 373555; anjehoogland50@hotmail.com
Jan Toering (korreksje- en oersetwurk), Gersthullen 29, 9403 WK Assen, tel. 0592 370102; j.toering29@gmail.com
Meiwurkers oan it Kritenijs (oer it algemien): Jeltje Geertsma, Sjoukje Jansma, bestjoers-leden, redaksjeleden.

Kontaktpersoanen en/of adressen

- Lede-administraasje: Sjoukje Jansma-Mozes, Einsteinlaan 20, 9406 BK Assen, tel. 0592 354238
- Toanielklup: Teatske Haanstra, tel. 0592 344920
- Ferfier nei Hooghalen: Hans Groenhof, tel. 0592 352932, b.g.g. Teatske Haanstra, tel. 0592 344920.

Oare adressen

It Frysk Boun om Utens; www.fryskbutenfryslan.frl
skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl
Keatsen: Gerrit Elzenga, tel. 06 26688684
www.heitelan.nl (stêden en doarpen)
www.afuk.frl
www.itnijs.frl: digitaal blêd (nijs út Fryslân en de wrâld)

Ynhâld

1 Nammen en adressen
2 Advertinsjes + ferske
3 Derbûten
4 Foto's stamppotbuffet
5 Freed 14-4 Kritemiddei: koar + muzyk
6 Ha jo it al heard
7 Ha jo it al heard + gedicht
8 Hurdriderspear Schaap en Beenen
9 ferfolch + Fraachpetear
10 ferfolch + Sutelje
11 Advertinsjes
12 Bûsboekje + wiisheden; op it kaft: twa ferhaaltsjes

Geef uw fiets een onderhoudsbeurt

Dealer van
SPARTA-RIH

B. Franke
TWEEWIELERS

Groningerstraat 266 • Assen • 0592 344237

Friese-producten.nl
Online Friese kado's

Webwinkel met meer
dan 500 Friese artikelen.
Vandaag besteld,
overmorgen in huis!

Kado's
Kalenders
Sleutelhangers
Wenskaarten
Shirts
Vlaggen • Stickers • Agenda's
Truien • Sokken • Handdoeken
Sjaals • Mutsen • Glazen
Mokken • Snoep en ...
nog véél meer!

www.friese-producten.nl
06-53259385

Gealtsjes *(nachtegalen)*
Alles slûget, mar de gealen
troaie mei mylde melodijen
triennen yn de‿eagen, weemoed yn ’t hert,
troaie mei mylde melodijen
triennen yn de‿eagen, weemoed yn ’t hert.

VANVEEN
TANDPROTHETISCHE PRAKTIJK
BERRY VAN VEEN
TANDPROTHETICUS

Mr. P.J. Troelstralaan 257
9406 BA Assen

0592 26 89 89
info@tppvanveen.nl
www.tppvanveen.nl

TANDPLUS
TANDPROTHETISCHE PRAKTIJK
BERRY VAN VEEN
TANDPROTHETICUS

Groningerstraat 86a
9401 BN Assen

0592 31 60 64
info@tandplusassen.nl
www.tandplusassen.nl

Derbûten

“Genietsje”

Myn maat sit der wer!
Hy/sy hat al efkes nei my sjoen en freonlik knikt. ’t Is krekt as seit er: “Ik bin der wer en wat is it moai waar”. Alle dagen komt er efkes om fersterking te heljen en my efkes in goeie dei ta te winskjen. Hy sjocht der ek sa prachtich út mei syn readoranje boarstke. Fansels is dat net in nije leafde fan my (ha ha ha), mar ‘myn’ read-boarstje. Soms sit er ek wol op it taffeltsje yn Max syn gesichtsfjild, mar altyd komt er by my werom.
Ik kin dêr sa fan genietsje!

Witte jim wêr’t ik ek sa fan genietsje kin? Fryske minsken om my hinne yn ’t Haolerhoes yn Hooghalen!
Ik hie der suver in bytsje pine yn ’t liif fan doe’t de útnûging foar it stamppotbuffet de doar út gie. En dat hold ek mar oan, want jim wienen net sa rap mei opjaan. Mar wat neier it oankaam, wat mear sin jim krigen en de iene nei de oare opjefte rûgele by û.o. Metje op ’e list. Sawat 43 leden joegen har op. ALDERIVICHST (*geweldich*). De pine yn ’t liif wie fuort oer! Wat wiene wy bliid as bestjoer dat der sa’n opkomst wie.
(op ’e folgjende side noch wat foto’s)

It fuortbestean fan ús krite hong in bytsje oan in siden triedsje, mar no ha wy sjoen dat jim graach wolle dat ús Krite noch trochgiet. Ek wit ik dat de minsken dy’t der op 6 jannewaris net by wienen, om wat foar reden ek, ús in waarm hert tadrage. Troch de grutte opkomst brânt it fjoer by ús ek wer fûleindiger om foar jim moaie Kritemiddeis of -jûnen te organisearjen. En fansels hoopje wy alle kearen op in ‘grutte’ opkomst. Dus minsken: hâld it paad waarm as der wat te belibjen falt yn ’t Haolerhoes, want sa meitsje wy elkoar bliid.

Noch wat fertrietlik nijs: oan ’e ein fan 2022 is Anne Veenstra op moandei 19 desimber yn ’e âldens fan 83 jier ferstoarn. Anne hat foar jierren foarsitter west fan ús Krite en hat dat mei nocht en wille dien. Hy hat ek noch in rol hân yn in toanielstik dat wy spile ha. Doe’t hy net mear yn funksje wie by de Krite, is hy tige warber bleaun mei it skriuwen fan moaie stikjes foar it Kritenijs.

Sytske: kondolearre mei dit ferlies en wy as bestjoer winskje dy en dyn (berns)bern in soad sterkte ta yn dizze swiere tiid.

Minsken, ik hoopje jim te sjen op freed 14 april oansteande. Wat der dan te belibjen is lêze jim op side 5 yn dit Kritenijs. Noflike dagen fierder, folop genietsje en oant 14 april.

Groetnis,

Teatske

Foto's 6 jannewaris 2023

Stamppot-

buffet

14 april **14 april** **14 april** **14 april** **14 april**

VoortVarende Vrouwen

Utnûging:

Sa'n fyftjin froulju sjonge op **freed 14 april** by ús ynearsten fiskfrouljus-ferskes, mar dêrnjonken ha sy ek noch in pear oare sankjes op harren repertoire.

It wurdt fêst in hiel fleurige middei!

- De yntree is € 7,50 de man/frou.
Dêr krije jim ek twa bakjes kofje/tee en in stikje oranjekoeke foar.

Begin 14.30 oere yn 't Haolerhoes te Hooghalen.

Elkenien is wolkom!

Net stinne, der hinne

Ha jo it al heard …..

- dat it flot de Sterke Yerke IV wer boppe wetter is. It leit yn Drachten. Aldjiersferiening De Frijsteat Folgeren hat it flot, dat yn 1979 de Atlantyske Oseaan oerstuts, as nijjiersstunt liend.

- dat by de ôfrûne jierwiksel flink minder fjoerwurkskea oanrjochte is as it jier derfoar. Yn ferliking mei in jier earder foel de skeapost dit jier goed € 50.000,-- leger út!

- dat se by boekhannel Binnert Overdiep op It Hearrenfean optein binne oer de omheechgeande ferkeapen fan Ingelsktalige boeken. De winkel gie yn koarte tiid fan trije nei alve kasten grôtfol mei Ingelske jeugdliteratuer, thrillers en romans. Se geane as waarme broadsjes oer de toanbank, mar de Fryske bliuwe lizzen!

- dat de tekening fan de 10-jierrige Isabel út Snits troch Rykswettersteat útkeazen is om yn de tiidkapsule te dwaan. Se mocht mei nei de bouput by de nijeslûs Ofslútdyk, om dy der sels yn te dwaan.

- dat de Maritieme Academie it eigen opliedingsskip ynset om nije learlingen te ynspirearjen om te kiezen foar in karriêre op it wetter. Goed 500 bern komme kommende wiken yn de kunde mei it skippersfak, yn it ramt fan it projekt 'Varen met de klas'. Sy priuwe sa oan it libben as matroas.

- dat troch in minsklike flater by de gemeente Smellingerlân ynwenners mei in betellingsefterstân feiten en bysûnderheden fan oare ynwenners lêze hawwe kinnen. De gemeente woe 192 ynwenners in brief stjoere, mar drukte by fersin op de efterkant fan elke brief in twadde brief ôf!

- dat út ûndersyk bliken docht dat fan alle Nederlanners Friezen humor it wichtichst fine yn it libben. Op in skaal fan 5 komt de gemiddelde skoare, krekt as by Grinslanners en Siuwen, út op in 4,7.

- dat ien op de acht Friezen slachtoffer is fan online kriminaliteit. Se hawwe slachtoffer west fan kompjûterkriminelen. Dat docht bliken út in ûndersyk fan it 'Fries Sociaal Planbureau' nei de online feiligens fan ynwenners fan Fryslân.

- dat nei't yn oktober 2020 de fûgelgryp yn Nederlân útbruts, it firus sechstjin kear op in Frysk bedriuw fêststeld is. Dêrby binne mear as in miljoen fûgels ôfmakke, foar it grutste part fleispiken.

- dat by acht graden boppe nul it boek 'De natuurijsmeester' presintearre is op Thialf.
Op de dei fan de natueriismaster is yn iisstadion Thialf in boek oer it ambacht presintearre. Ek al waarmet de ierde op, neffens de skriuwers is it fak noch lang net útstoarn.

- dat de plakplaatsjes fan âld-Ljouwert razend populêr binne. Der binne 18.000 ‘Kiek, dat was Liwwadden’-boeken fuortjûn by supermerken en op ’e ruilbeurs yn Ljouwert wie it al betiid drok. Ek grize koppen bûgje har oer de plakplaatsjes, “sy binne like fanatyk”.

Út: De toan fan Froukje Sijtsma: “Dat oait, doe’t ik in jier as tolve wie, in âlde frou tsjin mei sei, doe’t ik besocht om in patroantsje te breidzjen: ”Hâld mar op, do bist echt in houten Jezus”. Ik lei fuort de breidpriemmen del en ha se ek nea wer oppakt”. Skande.

- dat it goed is dat Zelensky korrupsje oanpakt, mar de yndruk fan Jorrit Schreuder is, dat it al better is as yn it ferline. Yntusken easket de oarloch noch altyd slachtoffers. It moed sjit Schreuder (Fries om utens) fol, hielendal nei’t er in soldaat yn in kiste foarby kommen seach. Yn in buordoarpke kaam de earste deade soldaat fan it front. Schreuder en in soad doarpsbewenners giene nei de begraffenisstaasje om de soldaat de lêste ear te bewizen. Aldere bewenners rûnen der kilometers foar troch de kjeld.

Nim my mei nei de Wâlden, dêr, dêr’t ik it leafst bin.
Nei it lân fan myn âlden, dêr krij ik in goed sin.
Bring my werom nei it plak dêr’t it libben my fûn.
Nim my mei nei de Wâlden, nei myn bertegrûn. *(Marcel Smit)*

Friezen, yt in streksum miel: rizenbrij mei pypkaniel!

Kriteleden, hâld faasje!

Mei groetnis fan
Jan fan Beets

De hynsteblom

Stiet de hynsteblom yn giele brân,
dan ha wy maaie wer yn ’t lân.
Dan jaget de boer syn bisten der út
en slynt de lytsfeint syn earste tút.
Dan rattelet de molkwein oer de reed
en leit oer d’ ierde in kleurich kleed.
Dan glimt it yn en om it hûs,
dan bloeie der blommen by de rûs.

De earrebarre op ien skonk
fernuveret him oer sok in pronk.
Dan binn’ de lûden heech en klear,
de loften wûnderblau en tear.
Om mannich brêgeman en breid
wurdt dan in bân fan leafde smeid.
Dan is ’t oft elk minske ’t sjocht,
it lok, dat him de maitiid brocht …

(Dam Jaarsma)

It hurdriderspear Jouke Schaap en Anke Beenen

Oan ’e ein fan de njoggentjinde iuw wenne op ’e hoeke fan It Weike en It Easterein yn Koartsweagen kastelein Jouke Sites Schaap.
Yn dy jierren krige hy de grutste bekendheid as reedrider. Troch syn krêftige slach en syn goed úthâldingsfermogen bleau hy in grut tal jierren de fluchste op ’e koartebaan.
De earste kear dat syn namme op it wedstriidformulier foarkaam wie op 26 jannewaris 1869 op de reedriderij fan ‘Eendracht’ op ’e Gordyk.
Yn de wedstriid foar ‘manspersonen boven de 15 jaar’ waard Lomme Bosma fan Ketlik earste (100 gûne) en Jouke Schaap twadde (20 gûne). De yn 1846 yn Lippenhuzen berne Jouke wenne doe yn Jobbegea.

Tegearre mei de geweldige rydster Anke Beenen fan Langsweagen wûn er jierren efterinoar in protte prizen. Hy hat úteinlik mei peareriden it measte sukses hân. Jierren oanien wie de nammekombinaasje peareriden Jouke-Anke wiid en siid ferneamd, ek bûten Fryslân.
Jouke woe graach ris meidwaan oan it peareriden op ’e Tynje, mar hy koe gjin geskikte efterrydster fine. In broer fan Anke Beenen sei doe tsjin Jouke dat er syn sechtjinjierrige suster Anke mar freegje moast. Dat bliek in goede kar te wêzen, want sy wûnen de wedstriid. Achttjin jier hawwe Jouke en Anke tegearre riden en sy wûnen in soad prizen yn Fryslân én Hollân.

Iisklup ‘Thialf” op It Hearrenfean hat yn har direksjekeet in fersiering oanbrocht, unyk en karakteristyk foar de populêrens fan it twatal. Doe’t ‘Thialf’ op 22 desimber 1879 har sulveren jubileum fierde, wie yn de foarige nacht foar it hûs fan de boargemaster in grutte poarte fan iisblokken boud, dêr’t trije yn hout útsniene figueren troanen: de iisgod Thialf én Jouke en Anke, it ferneamde hurdriderspear. Anke waard útbylde yn har boarstrok mei koarte rok, bleate earms en ynbliide troanje, krekt lykas sy op ’e baan ferskynde. De bylden hawwe dêrnei noch jierrenlang pronke yn de direksjekeet, mar se binne spitigernôch by de bou fan in nije keet weirekke.
Yn it tydskrift ‘Sljucht en Rjucht’ fan febrewaris 1929 stie in rymke fan de Gordykster Simon Jans de Jong, opdroegen oan de hurdrider Jouke Schaap. It rymke is makke yn 1879, mar yn 1929 wer ûnder de publike oandacht brocht troch Japik de Jong, in broer fan Simon:

OAN DE HURDRIDER JOUKE SCHAAP

. Do kinst it hurdst fan allegear
. Do teachst nei mannich wedstriid hinne
. Mei rom en eare kearste wer
. Lit frij de oaren Okke priizgje
. Him foarspoed winskje, lok en sein'
. Ik sil dyn rom en gloarje sjonge
. O, Jouke fan 't Easterein.
. De tillegrammen, dy't hjir kamen
. Út stêd en doarp en dei oan dei.
. Dy dogge my it drystwei sizzen:
. Do komst Thialf it meast neiby.

De Gordyk, febrewaris 1879, S.de Jong

(dit stik is lang ferlyn oanlevere troch *Anne Veenstra)*

Fraachpetear mei Karin Postma

Dit fraachpetear wie op deselde middei by Wietske Eizenga thús (sjoch Kritenijs 2).

Karin is berne op 7 novimber 1942 yn Nijemardum (Gaasterlân).
Heit wie de twadde fan fjouwer jonges (de jongste stoar al mei seis jier oan berne-ferlamming). Syn heit (pake fan Karin dus) wie njonken boer ek feedokter.
De âldste broer troude in boeredochter en kaam op 'e pleats fan skoanheit. In oare soan wie muzikaal (hy oargelspile) en wie dúdlik gjin boer. En Karins heit woe skoalmaster wurde. Trije jier lang fytste hy nei It Hearrenfean om dy oplieding te folgjen. Mar it wiene de tritiger jierren en syn heit seach foar him gjin takomst yn it ûnderwiis, dat hy moast syn stúdzje opjaan en syn plak op 'e pleats ynnimme. Mar … de stúdzje liet him net los. Altyd boeken op 'e tafel en hy hie de talen yn 'e macht. Hy troude mei in echte boeredochter en krige seis bern.

Karin wie it twadde bern nei in broer en der kamen noch in suster en trije bruorren by. Karin hie in protte belangstelling foar heit syn boeken. Heit learde har it lêzen en skriuwen, dat doe't sy nei skoalle koe, krige se fuort plak yn de twadde klasse. Nei de mulo yn Balk woe sy de hendikeptesoarch yn en krige yn Apeldoarn in yntern plak.
Mar och, wat foel dat har ôf! De sfear dy't dêr wie! De direkteur siet oan it hollenein fan 'e tafel, de oaren folgen yn belangrykheid en oan 'e ein siet Karin en moast mar ôf-wachtsje oft der noch in stikje fleis en wat griente foar har oer wie. Ierappels wiene der altyd genôch.
Nei trijefearns jier, yn 1960, krige sy in plak by de bernebeskerming yn Assen, in himelsbreed ferskil. In moaie tiid bruts oan, moai wurk en mei freondinnen liftsjende nei Dútslân.

Mar sy woe yn de psychiatry fierder en dêr seach se dat in haad fan in ôfdieling dêr faak bliuwe woe. It like har lykwols neat om as âldfaam troch it libben te gean. Sy makke gading oan in baan fan direkteur yn in fersoargingstehûs yn Dokkum. It wurk foldie har bûtengewoan, mar brr, wat is it dêr kâld op dy klaai mei alle dagen dy seewyn!
Yn Assen hie sy ferkearing krigen en alle frije wykeinen kaam hy mei de auto om nei de Wâlden te riden en noch it leafst nei Gaasterlân. Dat op ’t lêst binne se mar troud. Dat wie in 1969 yn Nijemardum/Balk, mar sy setten har nei wenjen yn Assen; har man hie dêr syn wurk.
Jierliks giene se mei fakânsje nei Eastenryk of Switserlân; dat wie it dan ek wol, want har man wie mar it leafste thús. Sy krigen in dochter en bleaune yn Assen. Karin woe, nêst de húshâlding, ek wat oars om hannen ha. Sy koe yn de moadesaak Lady van Buuren oan ’e slach. De beide eigners wiene al op jierren en doe’t ien fan har beiden stoar woe de oare der mei ophâlde, sa tichtebij syn pensjoen. Doe siet Karin sûnder wurk. Mar sy trof Wil Verhaagen fan juwelier Verhaagen en dy frege har oft sy net by harren oan it wurk woe. Fansels woe sy dat wol, al miende se net genôch fan dat fak ôf te witten; dat soe de tiid har wol leare. Dêr hat se noch oan har santichste ta oan ’t wurk west!
Alle jierren gie Karin wol in dei as wat mei har suster nei Skylge, hearlik troch de dunen en by it strân. Har suster koe net sa goed rinne, dat ferline jier hawwe sy mei in boatreis west en doe in protte oer harren jeugd praat.
Doe kamen sy pas ta it besef, sy hiene eins gjin âlderlik hûs mear. Doe’t harren heit stoar, wenne de jongste broer, dy’t by Steatboskbehear wurke, noch by heit thús. Hy bleau op ’e pleats wenjen en troude. Sa koene sy dochs altyd efkes “nei hûs” as se yn Geasterlân wienen. Mar no wennet dy broer der mei syn húshâlding en dat fielt net mear as thús.

Mei hat tachtichste yn it foarútsjoch woe har dochter mei de beide famkes mei har nei Parys. It âldste fan 19 jier makke op papier in omgong by alle hichtepunten en musea lâns en dy hawwe se doe meiinoar besocht. Lykwols op ien ding nei: op ’e step troch de stêd! Dat like Karin safolle as fleanen. Mei har skoansoan hat sy doe in kuiertocht by de Seine makke. Oan de iene kant de pittoreske winkeltsjes en oan de oare kant de artysten mei har skilderkeunst. Sa hiene se allegear in moaie middei.
Karin hâldt fan lêzen en giet graach nei in konsert. Sa heart se ek yn ’e tsjerke mei nocht nei it manljuskoar.

Jeltje Geertsma

Sutelje

As jins heit in bakker is, moat je helpe, dat is wis;
altiten wurde se wer belle: “Kinne jo in bôle neibestelle?
Wy krije ynienen samar besite, en dy wolle graach by ús ite”.
En wa moat dan op it fytske? Ja, fansels, ús lytse Sytske.
Kin noch net iens op it sadel sitte. En dit meie jim ek wol witte:
op ’e trapers stean te fytsen! Ja, sa giet dat mei sokke lytsen.
Mar heit helpe die se graach, dus wat barde nei sa’n fraach?
It kuorke kaam wer op ’e fyts, in bôle der yn, in skûteldoek der
oer en dêr gie ús lytse Syts, mei twa hannen oan it stjoer.

(*Sytske Rispens)*

Dorpshuis ’t Haolerhoes is bij uitstek geschikt voor:

- feesten en partijen,
- vergaderen (beamer en laptop aanwezig),
- bijeenkomsten.

Zaalruimten groot en klein naar keuze.
Ruime parkeergelegenheid.

't haoler hoes

Praktisch alles is mogelijk.
Vraag vrijblijvend inlichtingen bij de beheerder.

Tel. 0593 – 592340 - b.g.g. 06 – 10144987
Stengelinstraat 18, 9414 AV Hooghalen

Om yn jo bûsboekje te setten

Sneon 18 maart
Hurderwyk, De Kiekmure: Pro Rege mei it blijspul “Yn ’e keetring”, 15.00 oere.

Sneon 25 maart
Frysk Boun om Utens: Alg. ledegearkomste, Moetings- en Ynspiraasjedei èn optreden fan Adyrf (sjong- en teaterduo). Restaurant Boerkok yn Lelystêd, 10.30 oere.

Snein 26 maart
Fryske ferskes sjonge, Ons Doarpshûs, B. Boermalaan 4, Paterswolde, 11.00 oere (kofje/tee fan 10.30 oere ôf); ynfo/meiride: Anje, tel. 0592 373555.

Freed 14 april
Assen e.o., ’t Haolerhoes, Hooghalen: Voortvarende Vrouwen, fiskwivekoar fan De Rottefalle, 14.30 oere (sjoch side 5).

Kopij foar it maaienûmer kin oant en mei **24 april** 2023 ynlevere wurde by de redaksje

Wiisheden

- Foar de wyn is eltsenien in hurdrider.
- As it begjint te friezen, ûntteie de Friezen.
- Op âld iis friest it fûl.
- Alde wiven op it iis jout teiwaar.
- Der is gjin hope sûnder twivel en gjin twivel sûnder hope.
- Do hoechst net sa sterk te wêzen om immen fêst te hâlden, mar do moast wol hiel sterk wêze om immen los te litten.

… wa doart noch te sizzen, dat Friezen net romantysk binne …?

SPESJAALSAAK
H. Witting & Zn
- sûnt 1876 -
Huodden - Petten - Moade-aksessoires
Oosterstraat 51 Grins
050 3121180

Betrape ...

Noch altyd boartsje ik it lytse famke, dat troch de greiden rint.
Wat is moaier? En nimmen sjocht my. Myn stappen binne jong, it waar is blau, de wyn soel en de ierde rûkt nei simmer. Is de sinne in heit? De ierde in beppe? Sa fertroud en feilich fielt it hiele grutte bûtendoar om my hinne.
De skriezen binne wol famylje, tink ik. Se roppe my, ik groetsje werom: “Grito, grito!”
Se sille my wol kenne; ik kom hjir ommers alle dagen.
Hoi strânljip. Op ien poat stiet er, op ’e hikkepeal. Hy knypeaget. Sjochst wol, hy ken my, hy bliuwt gewoan sitten.

By de Twizelerfeart jou ik my even del tusken de raaien en de bûter-blommen. Dogge se dat eins wol, lytse famkes?
De ierde is in steun yn ’e rêch, de sinne skynt my waarm op ’e lea. Boppe my jout in wolkemem har bern it boarst. Sjoch, no wurdt se in walfisk en har berntsje in wollich skiepke. Skiepkes telle is net mear nedich …

Ynienen skrik ik wekker fan stimmen op it fytspaad.
“Sjoch, dêr leit in âlde frou. Soe der wat mei har wêze?”
Hastich kom ik oerein. In man en in frou rinne op my ta. “Alles goed mei jo?”

Jantsje Oost



Nei Dútsk foarbyld

Oant de achttjinde iuw fûn de begoedige boargerij dat swimmen yn rivier of see mar neat. Mar doe't dokters oanjoegen dat de see woldiedich wie foar lichem en siele, kaam der in omkear. Foarsichtich ûntstiene de earste baaiplakken yn neifolging fan it Dútske waadeilân Norderney.

Yn Fryslân hie It Amelân yn 1853 de primeur. By Nes waard in baaihûs boud. Ek kamen der twa baaikoetsen neffens foarbyld fan de Dútske baaikoetsen. Yn dat omklaaihokje waarden de besikers oant knibbelhichte de see ynriden. Niks gjin bikiny of swimbroek. De froulju stapten út yn lange broek mei koart jak. Manlju hiene in soart fan *onesie* oan (*jumpsuit*).

Ut it gesicht fan oaren koene de baaigasten dan gau efkes poatsjebaaie. As se wer yn 'e koets sieten, waarden se weromriden nei it strân.

It konsept wie gjin sukses. Dat hie mear mei it ferfier te krijen as mei de see. It Amelân hie nammentlik gjin strukturele ferbining mei de fêstewâl. Pas yn it begjin fan de tweintichste iuw kaam dêr feroaring yn. Doe woene de gasten ek wol komme.

(út: Fryske Skuorkalinder)